



# Wêr is Keimpe?

## Aart Cornelissen



### Tips by it lêzen

Yn it boek steane in hiel soad sykplaten om te besjen. Op alle platen stiet Keimpe de Krokodil. Kinne jim him fine?

Om de sykplaten hinne steane noch mear dingen. Witte jim hoe't dy dingen hjitte? Kenne jim it Nederlânske, it Fryske en it Ingelske wurd? Of miskien witte jim it wurd ek noch wol yn in oare taal! Kinne jim de dingen fine op de grutte sykplaat?

By guon sykplaten stiet Keimpe mei in telefoan yn 'e hân. Dat betsjut datst de plaat ek online fine kinst. gean nei [www.keimpe.frl](http://www.keimpe.frl) of scan de QR-koade, dan fynst de ynteraktive sykplaten.

Spylje tegearre in spultsje.

Sis: 'Ik sjoch, ik sjoch watsto net sjochst en it is in hûn' (of wat oars op de plaat fansels). Kin de oare dat fine? Dan mei dy in riedsel betinke. Meitsje it dreger troch bygelyks allinne de kleur te fertellen of de foarm. Bgl.: 'Ik sjoch, ik sjoch watsto net sjochst en it is grien.'

Betink in ferhaal

Sjoch mei-elkoar nei de plaat en kies in haadpersoan. Dat kin in menear of mefrou wêze, in famke of in jonge of in bist. Wêr is de haadpersoan? Hoe is dy dêr sa telâne kommen? Wat docht de haadpersoan? Wat bart der nei wat der op de plaat stiet?

### Om te dwaan

Meitsje Keimpe de Krokodil

Nedich: in dikke tûke mei útsteksels, ferve, wibealachjes, evt. grien papier

Sykje in dikke tûke út 'e tún of út 'e bosk. Sjoch goed nei de foarm fan de takke: sitte der miskien al krokodillepoatsjes oan? Liket ien fan de úteinen fan de tûke al op in krokodillekop?

Fervje de tûke hielendal grien. Plak wibealachjes op de foarkant fan de tûke. Eventueel kinst mei grien papier noch de stikelachtige útsteksels op 'e rêch en sturt fan de krokodil plakke.

As Keimpe klear is, kinst him te pronk sette of do boartest ferstopperke mei him. Kin dyn Keimpe him krekt sa goed ferstopje as de Keimpe yn it boek?

